



Mei de bus

TYPE AKTIVITEIT

Foarlêsaaktiviteit

TEMA

Ferkear, ferfier

OANTAL DIELNIMMERS

5–10 of mear

DOER

45 minuten

PERIOADE

1950–1959

SLÚT OAN BY

DWDS: **dvd reizgjen,**

diel: iepenbier ferfier

Hantlieding Reizgjen,

Dat wie doe sa 2010

Met de Labo door de noordwesthoek van Friesland, M. v.d. Goot.

Trefwurden: bus, sjaffeur, konduktrise, kaartsje–automaat, bushalte, ferhaal, foarlêzen, petear, groep.

Eartiids hie lang net iderien in eigen auto om mei te reizgjen of eat te ferferien. Foar de koartere ritsjes koe men mei de fyts wol ta, mar om fierder te reizgjen namen jo de bus of de trein. Wy beheine ús hjir ta it reizgjen mei de bus. Hawwe de dielnimmers sels ek mei de bus reizge en wat binne harren herinneringen dêroan?


Mei de bus

ferhaal

It is moarns ier en betiid, mar de motors fan de bussen steane al rikjend waarm te draaien as de konduktrise op de fyts by de remize oankomt. Se hat har unifoarm al oan en hellet drekst har spullen út it kantoar. Mei de jildtas, de kaartsjes en de gatsjetange yn 'e hannen stapt se nei de bus dy't stiet te wachtsjen oant it tiid is om mei de tsjinst te begjinnen. De sjaffeur seit har freonlik goemoarn en giet fierder mei it ôfstellen fan de spegels. Kreas op 'e tiid rydt de bus fuort, en de sjaffeur moat swier draaie oan it grutte stjoer om de bocht nei de dyk helje te kinnen. Hy giet earst nei it treinstasjon, dêr't ús konduktrise fuort oan 'e slach kin want der stappe in stikmannich manlju yn wurkklean yn. De measten dêrfan ken se wol fan gesicht, om't dy alle wurkdagen dizze bus nimme nei it fabryk. De mannen lizze harren tassen mei de bôletrompkes en termosflessen yn it bagaazjerek en jouwe har noch eefkes del. Der wurdt net folle praten en de measten sjogge swijend nei bûten.

Letter op de moarn komt der mear leven yn de bus, as der in heit en mem ynstappe mei fjouwer fleurige bern dy't noch nea earder mei de bus reizge ha. De bern prate hûndert út en fansels besykje se alle fjouwer in plakje by it rût te besetten, mar dat slagget net. Omste beurt by it rût sitte, seit heit en dat moat dan mar. De middeis steane der by in bushalte twa minsken dy't de fytsen mei ha wolle. Dat kin fansels wol; de sjaffeur komt derby en hy tilt de fytsen ien foar ien achter op de bus en set se goed fêst. En fierder giet it wer. Freonlik en geduldich docht de konduktrise har wurk. Se hat der in protte nocht oan en de wurkdei fljocht foarby. As har tsjinst derop sit, rint se nei it kantoarke om de dei–opbringst yn te leverjen en har ôf te melden. Yn 'e hoeke fan it kantoar sjocht se de doazen mei it opskrift "kaartjesautomaat" stean. Foarige wike hie de sjef ien út de doaze helle. It wie in grut griis apparaat mei kleurige knopkes derop. Oer twa wiken wurde dy yn alle bussen monteard en dan sil de sjaffeur sels de kaartsjes ferkeapje en

kontrolearje. Noch twa wiken ... dan is se konduktrise ôf en sil sy tenei op it kantoar de administraasje byhâlde ... fan 'e kaartsje–automaten.



De hast 50–jierrige skiednis fan de Ljouwerter Auto Bus Undernimming.



Mei de bus

DOEL FAN DIZZE AKTIVITEIT IS

- Lústerje nei in ferhaal
- Oantinkens ophelje

TARIEDING

Lês it ferhaal fan te foaren troch en printsje it eventueel foar elkenien.

WAT JO NEDICH HAWWE

Kopyen fan it wurkblêd 'Mei de bus', sadat de dielnimmers it ferhaal meikrije kinne.

Opdracht

Oantinkens oan reizgjen mei de bus

Troch it ferhaal foar te lêzen wurdt elkenien meinommen nei in tiid dy't fertelt oer hoe't it eartiids wie om mei de bus te reizgjen.

Aktiviteit

1. Begjin dizze aktiviteit mei it foarlêzen fan it ferhaal.
2. Oan 'e hân fan ûndersteande fragen kinne jim it ferhaal beprate.

Mei hokker doel reizgen jo mei de bus, bygelyks foar it ferfier nei skoalle, it wurk, foar famyljebesite of nei in fakânsjebestimming?

Hokfoar busmaatskippij ried by jo yn 'e buert?

Wat wie de fierste bestimming dy't jo mei de bus bereizge ha?

Ha jo goede of minder goede herinneringen oan it reizgjen mei de bus?

Mopke

Der stiet in frommeske mei ljocht hier te wachtsjen by in bushalte wylst in polysje foarbykomt en freget: 'Mefrou, kin ik jo earne mei helpe?' 'Jawol,' seit de blondine, 'hokfoar bus moat ik nimme om nei Drachten te gean?' Wêrop't de polysje anderet: 'Dan moatte jo bus 33 hawwe.' 'Yn oarder', seit de blondine. Oeren letter docht de polysje wer syn omgong en sjocht dat it blûne frommeske noch altyd stiet te wachtsjen. Hy seit: 'Mar leave minske, jo hienen al lang fuort wêze moatten!' De blondine: 'No hast, ik bin no al by de twaentritichste bus.'

Ut: Fan van Friesland, De bushalte



It 'Leeuwarder Auto Bedrijf' (LAB) yn 1945, foto út de kolleksje fan Tresoar.